

# **Fryske Krite Hoarn**

## **“Troch de Tael Forboun”**

### **Y N H A L D** oktober 2016

Oan ús kriteleden.....	2
Oprop foar in busreiske .....	4
Ferlotting en tagongsprizen.....	5
Ledeberjochten .....	6
Útnoeging foar 29 oktober 2016 .....	8
Gedicht: de reiden .....	11
De hiele Krite bakt: <i>oranjekoeke?</i> .....	12
De wurklist winterskoft 2016-2017 .....	14
Wurklist fan susterkriterien .....	14
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”).....	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn .....	16

*Kvk. Nummer: 5324 1274*

*Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77*

*Lid fan It Frysk Boun om Utens*

[www.fryskbutenfryslan.nl](http://www.fryskbutenfryslan.nl)

## Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

1911      105  
*Jier*      2016

---

Oan ús kriteleden

It is alwer heechtiid foar de kopy fan ús kritekrantsje. De simmer hat ôfskie nommen de hjersttiid komt der oan. Mar wat hawwe wy in prachtige septimber moanne hân.

Elts koe noch fan moai waarm waar genietsje. Wy hawwe moai by de Moezel fytst en kuiere, mar sitte op de stoel yn de tún wie ek hearlik.

Ús jiergearkomste hawwe wy al wer hân. It bestjoer is bliid, dat ús leden komme op sa'n jûn en harren miening jouwe oer it bewâld. It bestjoer docht harren bêst om de jûnen op te foljen, mar it is lang net altyd maklik. Foaral de earste jûn fan it winterskoft is it net samar wat, om wat te finen. It repetearjen foar in nij toanielstik begjint dan krekt.

Mar lokkich binne wy mei: Klún & Knoffelhakke. De mannen komme 29 oktober by ús op de planken. Wy sjogge út nei in protte minsken. It is ek de jûn, dat wy omtinken jouwe oan it 105 jierich bestean fan ús krite “Troch de Tael Forboun”.

***105 jier, minsken wat in skoft.***

En der is hyl wat bard yn die hûndert en fiif jier. Tink allinne mar oan de Ôfslútdyk, it ferkear, de tillefoan, televyzje en we fleane de hiele wrâld oer. It is gâns makliker wurden om hûs en hiem. Doe wie it swier arbeidzjen om in bytsje te fertsjinjen. Mar dertroch is ek ús krite ûntstien. Efkes de memmetaal prate, inoar ta stipe wêze mei siik en sear. Mar foaral ek om de ûnwennigens net te fielen. Wy kinne ús dat hjoed de dei net yntinke.

Dôchs is it moai, dat ús krite noch bestiet en wy ús jûnen hâlde kinne. Dat der noch safolle minsken belutsen binne by elkoar en ús krite.

Dit jier hawwe wy ferskate leden ferlern troch ferstjerren en opsizzen om 't men âlder wurd. Dat is spitich.

Mar sa giet it yn it libben. Lokkich binne wy nei al dy jierren noch in sûne krite mei sa'n 140 leden.

Sa geane wy it nije winterskoft yn mei fleure en faasje.

Op 29 oktober hoopje ik in protte leden en hopelik ek nije leden te moetsjen.

Nim goekunde mei dy 't fan Frysk fleure hâlde. Mei in hertlike groet út in sinnige Wieringermar foar elkenien dy't dit kritekrantsje lêst.

Foarsitter, Tiny Dijkstra-de Vries



---

## *Oprop foar in busreiske*

---

Op ús jiergearkomste fan septimber 2016 is der frege oft der ek belangstelling is om yn it foarjier fan 2017 mei in bus nei Fryslân te gean.

It bestjoer soe graach fan de leden hearre hoe of jimme der oer tinke. Op ús earste jûn kinne jimme it troch jaan oan de bestjoersleden. Ek kinne jo skilje mei it bestjoer. De nûmers steane efter yn it boekje

Wy as bestjoer wachtsje ôf en as wy wat mear witte komt it yn it kritekrantsje.

In âlde ZWH bus yn it museum



---

## *Ferlotting en tagongsprizen*

---

### **Lidmaatskip en tagongsprizen:**

It lidmaatskip foar ien persoan is 10 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 2,50 euro en foar **net leden 7,50 euro** mar de lytse jûn is fergees.

Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

### **De sealpriis op de grutte jûnen:**

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

### **De ferlotting yn it skoft:**

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden.

De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden.

Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik.

Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

## **Presintsje**

### **Oprop oan de leden: presintsje foar de priistafel**

Aardich is dat leden ek in presintsje meinimme foar de priistafel. Dan stypje jo ek de krite.

---

## *Ledeberjochten*

---

Yn de jiergearkomste is stilstien by it ferstjern fan kriteleden. De foarsitter hat de nammen foarlêzen en hat in skoftke stilte frege sadat eltsenien it in plakje jaan kin.

Wy wolle hjir de leden by namme neame:

Op 24 maart 2016 ferstoar Marcel van Leijenhorst man fan ús lid Gerda van Leijenhorst-Vonk. Marcel wie berne op 28 oktober 1969 te Amersfoort.

Ús earelid frou Bloem-Wouda is ferstoarn op 29 maart 2016. Frou Janny Bloem wie berne op 9 maart 1929.

Janny is omtrint tweintich jier foarsitter west fan ús krite. Sy hat in wichtige rol spile yn it bestjoeren fan de krite Hoarn en as wurdearring is Janny eartiids beneamd as earelid.

De hear Duiker út De Weere ferstoar op 17 april 2016. Berne yn Makkum op 12 augustus 1948.

De hear Th. Bouma fan Blokker ferstoar op 31 augustus 2016. Thijs Bouma wie berne yn Haskerland op 20 novimber 1936. Thijs hat as frijwilliger foar de krite in protte betsjutten by ljocht en lûd foar de toanielploech eartiids. It bestjoer koe altyd in berop op him dwaan.

De hear W. Bakker is ferstoarn op 8 septimber 2016 te Schagen. Wouter Bakker is berne op 15 maart 1922 te Suamar.

Wouter hat him ek in oantal jierren ynsetten foar in krite bestjoersfunksje.

Op 20 septimber ferstoar frou Schaper-de Jong. Frou Rinske Schaper wie berne op 8 oktober 1924 te Warkum.

It bestjoer en kriteleden winsket de neibestenden in protte sterkte ta by it ferwurkjen fan it ferlies fan harren dierbere.

-----

**Autoferfier:** Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (till. 234012).

### **Lief en Leed**

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:  
Tine Bouman-Westra, A. van Beierenstraat 80, 1718XK  
Hoogwoud. Till.nr. 0226-353385

---

## *Útnoeging foar 29 oktober 2016*

---

It bestjoer fan de Krite Hoarn noeget al har leden, sibben en kunde út foar har grutte jûn op 29 oktober 2016 om 20.00 oere yn 'e Huesmolen te Hoarn foar it teater::

### **“Hé Buorman”**

spile troch

Teater duo

Klún & Knoffelhakke

---

**-----105 jier krite-----**

Fanwege it 105 jierich bestean fan ús krite krije alle oanwêzigen in bakje kofje of tee mei in stikje oranjekoeke fan it bestjoer oanbean.



## It duo Klún & Knoffelhakke:

---



It duo Klún en Knoffelhakke bestiet út de spilers Broer Douma en Hendrik van der Heide út Hantum. Sûnt 1994 binne se op paad mei harren jûns foljende programma's en dat slacht oan, want Klún en Knoffelhakke binne alle wiken wol earne op in poadium te finen. Sa stadichoan komt it duo troch hiel Fryslân en oeral is it fleurich en gesellich!

De programma's fan Klún en Knoffelhakke litte harren it bêste omskriuwe as typkesteater, wêryn it publyk ek net fergetten wurdt. Klún en Knoffelhakke besykje der in sjo fol mei nuvere typkes en frjemde foarfallen fan te meitsjen. Al dy frjemde fûgels ha op ien of oare wize te krijen mei in nuveraardichs ferhaal, in reade tried, dy't Klún en Knoffelhakke altyd yn harren foarstelling besykje te stopjen. It duo hat eins mar ien doel: de minsken in noflike jûn besoargje!

Technyk: Harry Greydanus

Website: [www.klun-knoffelhakke.nl](http://www.klun-knoffelhakke.nl)

---

## *Fytse foar 250 euro*

---

**R**abo Fyts sponsertocht

De Rabobank is noch in bank dy 't ferienings sponsert as hja mei dogge oan de fytstocht. Dat smyt altyd noch 250 euro op en wy witte dat ús ponghâlder Slange der tige bliid mei is!! Wy sette útein bij de Rabobank yn Hoarn en dan krije wy in sekje mei wat iterij mei. Gesellich even byprate en om ús hinne sjen en genietsje fan it moaie Noard-Hollânseke lânskip. It wie in moaie fytstocht mar it war koe wol wat better en eltsenien wol takomme jier wer meidwaan?

*'De krite Hoarn op de fyts'*



---

## **Gedicht: de reiden**

---

*De reiden bûge del har brune plommen,  
Yn d' einleas grize sigens fan 'e dei;  
Har tinne stâlen jouwe beevjend mei,  
Want hjerst hat al de griene lizen nommen.*

*Sa hommels binn' de kâlde nachten kommen  
En dimmen stoar de simmerweelde wei,  
Wylst oer de weagen moannemyldens lei  
En stjerren treastgjend oan 'e himel glommen.*

*Myn feale reiden, no 'k jimm' leavje mei,  
As lêsten fan de let ferwylge blommen,  
Ei, lit my toevje dizze bleke dei*

*Om't moarn wol faaks yn wyld en rou gejei,  
D' Unlij'ge hjerst de weagen slacht ta skom en  
Mûlk komt in man en skart jimm' plommen wei.  
(R.P. Sybesma)*



# De hiele Krite bakt: *oranjekoeke*?

---



*Wa wurd de krite bakker?*

## Ingrediënten

### Voor het deeg:

- 350 gram zelfrijzend bakmeel
- 200 gram witte basterdsuiker
- 30 gram boter
- 1 ei
- ½ tot 1 deciliter water
- 2 theelepels anijszaad
- 1 theelepel nootmuskaat
- geraspte sinaasappelschil
- beetje zout

### Voor de amandelspijs:

- 150 gram amandelen
- 150 gram suiker
- 1 ei
- ½ citroen

### Voor het glazuur:

- 100 gram poedersuiker
- 1 eetlepel rodebessensap

Voor de garnering:

- suikerbloemetjes
- chocolaatjes
- slagroom

Bereiding

Doe de gerapte schil van de sinaasappel, een snufje zout, een paar anijszaadjes en een beetje nootmuskaat in een kom. Daarbij de het ei, meel, basterdsuiker, beetje water en de boter. Kneed dit alles goed door elkaar en verdeel het in in tweeën. Rol de beide lappen deeg uit tot ronde of vierkante lappen.

Maal de amandelen zeer fijn en meng ze met de suiker, ei en citroensap. (Amandelspijs is nog lekkerder wanneer dit een paar dagen van tevoren wordt klaargemaakt)

Verdeel de spijs over een deeglap en leg de andere er bovenop. De zijkanten aandrukken.

Op een goed ingevet bakblik leggen en in ongeveer 30 minuten bakken. Oven op 160 graden en bakblik in het midden van de oven.

Ondertussen de glazuur maken.

De poedersuiker zeven en mengen met bessensap. Flink roeren, mag niet te dun zijn. De koek een beetje laten afkoelen en dan bestijken met de glazuur. (Nat mes gebruiken)

Daarna garneren met toefjes slagroom, suikerbloemetjes en chocolaatjes.

Lekker Frysk  
noch folle mear resepten op  
[www.lekker-frysk.nl](http://www.lekker-frysk.nl)

---

## ***De wurklist winterskoft 2016-2017***

---

29 oktober 2016:	Teater duo Klún & Knoffelhakke
21 jannewaris 2017:	2e grutte jûn: toanielstik
17 febrewaris 2017:	lytse jûn mei
25 maart 2017:	3e grutte jûn: toanielstik

---

## ***Wurklist fan susterkrite***

---

- Krite Haarlim “Gysbert Japicx”

Lokaasje: Stedelijk Gymnasium, Jacobijnestraat 2, 2011 TH Haarlim.

Der is noch gjin wurklist op de website.

- Krite Den Helder “Gysbert Japicks”

Fan de Krite Den Helder hawwe wy gjin wurklist.  
(tillefoan 0223 769059 Frou Y. de Vreeze)

### ***Douwe Egberts punten***

De waardepunten kinne jo ynleverje op de kritejûnen, by de yngong fan de seal stiet dan in doaze.

---

## *Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)*

---



Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.  
En bûnzje troch ús ieren om!  
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.  
It Fryske lân fol eare en rom.  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,  
Wêz jimmer op dy âlders great!  
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,  
In grien, in krêftich bloeijend leat!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

---

## ***Bestjoer Fryske Krite Hoarn***

---

Foarsitter: Tiny Dijkstra-de Vries  
Schoener 3,  
1771 EA Wieringerwerf  
Till.: 0227 501050  
e-mail: [ak.dijkstra@quicknet.nl](mailto:ak.dijkstra@quicknet.nl)

2e Foarsitter: Douwe Hoekstra  
Tinnegieter 1,  
1625 AN Hoorn  
Till.: 0229 211749  
e-mail: [ddhoekstra@quicknet.nl](mailto:ddhoekstra@quicknet.nl)

Ponghâlder<sup>1</sup> en  
lede-administraasje: V. Dedemstraat 4, 1624 NN Hoorn  
Till.: 0229 234881  
e-mail: [pslange@icloud.com](mailto:pslange@icloud.com)

Skriuwer: Jan Vogel  
Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker  
Till.: 0229 234012  
e-mail: [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)

Oare bestjoersleden:

Jetske Leenstra-de Groot Dorpsstraat 293 1689 GE Zwaag Till.: 0229 263735 e-mail: <a href="mailto:jetskeleenstra@me.com">jetskeleenstra@me.com</a>	Renske Nauta-Haagsma Dr. CJK van Aalstweg 19 1625 NV Hoorn Till.: 0229 237267 e-mail: <a href="mailto:nautahaagsma@hetnet.nl">nautahaagsma@hetnet.nl</a>
---	---

Eareleden: De hear Popke Slange  
De hear Eppie Kloezen

---

Lief en leed: Tine Bouman-Westra, A. van Beierenstraat  
80, 1718XK Hoogwoud. Till.nr. 0226-353385

---

<sup>1</sup> Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn